It skynt dat de help fan Ted Troost al ynroppen is by in inkele om it goeie spoar wer te finen. Tsjin Bitgum slagge dat ien helte. Mei goed en agressyf spul, waarden de jongelju fan Bitgum dy't wierskynlik kampioen wurde, op 0-1 holden oan de thee ta. Nei de thee wiene de spieren al stiif en foardat dy wer los wiene, stie it al 0-3. Der bleau neat oars oer as de wedstriid wat útfuotbalje op dêrmei de kondysje wat op peil te krijen. Dat slagge net elkenien. Sjoerd Postma, de fluiter, fûn dat Eddy wol wat earder brûze koe en dizze hat dan ek in soad út te lizzen oan syn grutte treast (troost) Gelokkich smakke it bier nei de tiid wol as wie der in oerwinning helle.

Oh ja, de einstân wie 0-5.

**Mei oare eagen**

Ik as leek waard frege om de wedstriid tusken Froubuurt 2 en Easterein 5 te ferslaan en as'k earlik bin, dêr wie'k yn earsten net tige bliid mei, want wat kin men wol en wat kin men net skriuwe. As earste rûn ik efkes troch de kantine fan CVO en dat like der op. Der hong sûver in hiel oare sfear as yn de measte kantines. Hjir hong de sfear fan keatsers, bygelyks Piet Jetse Skraber en ik mar sykje ûnder de supporters, spilers en lieders nei bekinde gesichten mar nimmen smiet in baltsje op. CVO, in klup mei mar twa teams en doe' t ik it programma boekje kocht fan dizze wedstriid wist ik, dit hat Aant witten, dit hat hy in oar yn de skuon skouwe wollen. Hy wist dat it twadde fan CVO mar ien puntsje hie (it earste hat min ien yn de sechde klasse!) en gie net mei omdat it fiifde de lêste wike min draait. Under it mom fan, ik ha wat lêst fan de gryp en ha opdracht krigen fan Loor om net te skreauwen en te ôljen, liet hy dizze wedstriid sjitte want stel jo foar dat wy dêr punten ferlieze, dan kin'k de earste tiden ek net op't wurk ferskine.



In lyts algemien wedstriid ferslach:
It oantal korners wie 1-1, it oantal frije trapen wie 0-0 want dat kaam troch in perfekte skiedsrjochter. Och, hy fluite wol ris mar dat wie meastentiids dat immen de frije traap allang nommen hie want as dy man fluitsje moast dan moast earst it fluitsje tusken de klaaigrûven fan syn hannen út helle wurde en op dy fiif minuten koene beide ploegen net wachtsje. Dan de karamboals, dat wie mei de bal 1-1. De jongste CVO er rakke as earste de bal tusken de fuotten en omke Ype rôp noch, fersichtich jonges, hy hat der ek al gefoel yn hear. Om omke net te lang laitsje te litten fleach hy daliks wer nei foarren. De SDS er Piter fleach net sa hurd mear want hy waard fol rakke. It slimste wat him oerkaam wie net de hege stim mar dat Piter "wijdbeens" tsien minuten oerslein waard yn de kombinaasjes. Tige slim wie de aksje fan Jacob (soks kin eins net) want hy soe mei in moat Jelle hakje de bal spylje mar syn lange skonken setten troch en rakke de âldste spiler fan CVO fol yn't krûs. Sa waard it dochs noch 1-2. Wol wie't ferfelend dat it fiifde de hiele wedstriid oer de lofter kant spile want CVO moast net it gefoel krije dat oan de rjochter kant fjouwer út it fjirde mei diene.
Dan de wedstriid sels want dat fiifde moast dochs winne kinne? Hiel bryk sjoen dan gie SDS yn't selde sop mei as CVO, it wie net om oan te sjen. Foaral de twadde helte want de gang wie der út, elk gie mei it gesicht nei de sinne stean om in bytsje kleur te krijen fan de sinne en de wedstriid hobbele mar fierder. Net dat it SDS wat útmakke want hja stiene mei it skoft al mei 1-7 foar. Eins wol'k it net oer de makkers ha want it lei yn earste oan de keeper. In normale fangbal gie by him tusken de hannen troch, hy rôp ja, ik ha him mar daliks, nee, ik ha him net. In slop skotsje oer de grûn, in kop bal fanôf de 16 dy fiif kear stuitert, alles gie der yn. Ik hie't gefoel dat der mear handele waard yn jirpels dan earne oars om.
It waard úteiliks 2-10. Topper waard âld klaaipoat Ype mei seis treffers en goait daliks wer Eddy syn kânsen yn as topskoorder fan SDS. Bertus prutste der twa yn, Jacob ien mei de kluts en Piter, dy doe de fuotten al wer wat byelkoar krije koe makke de lêste.
Fierder mei it gjin namme ha dat Stoffel der by Jaap ien yn skeat en dat CVO der in moai frije traap ynwâlden. Fierder hat keeper Jaap neat te dwaan hân en sels net doe hy de bal samar nei in tsjinstanner skopte dy noch gjin tsien meter fan him ôf stie mar dy sels sa skrok dat hy tweintich meter nêst skeat.
Aant, om my bist der nije wike wer want lit my mar fuotbalje yn plak fan ferslaan.

In gast skriuwer.

**Rood Geel 4 – SDS 5**

De lieders fan SDS hiene foar dizze jûn goed ynkocht. De trije lieders yn de doelpuntenlist fan hiel SDS foarmen de foarhoede. Ype, Eddy en Bertus. Dat moast wol in doelpunt opleverje tochten se ek efter en op it middenfjild, wêr't Sipke ynhierd wie fan it 3$^{de}$ .
Foaral Eddy siet de lêste wiken yn in djip dal ( of te folle yn it fitnessintrum) want hy skoorde mar net. Syn meispilers woene him graach helpe en joegen him dan ek in protte goeie ballen. It koe hast net útbliuwe: in doelpunt. Yn de earste helte die al bliken dat hy djip troch it stof gean woe, want hy kopte op knibbels krekt net yn.

Ype skoorde wol en dat stuts Eddy wol wat.
Yn de twadde helte it letterlik en figuerlike hichtepunt: In prachtige korner fan Ype, waard troch Eddy dy't heech boppe alles útsprong, ynkopt. De earste rissultaten fan it toutsjedûnsjen op fitness wiene merkber. Ek Bertus woe fansels net efter bliuwe en skoorde op oanjaan fan Ype. It lêste doelpunt wie fan ús ûnfolprezen foarsitter Rienk.



Snipferkâlden, (der woe ek nimmen by him yn de buert stean) teach hy ien kear nei foaren en skoorde al wer op oanjan fan Ype. 0-4 wie de einstân en ik moat noch sizze dat it fuotbaljen de gastskriuwer yndie better ôfgiet as it skriuwen. Spitich dat Eddy syn doelpunt op dizze tongersdeitejûn net echt fiere koe want hy moast de folgende dei wer wurkje wylst de rest fan de ploech in terraske pikke kin, want dy hiene wol allegear frij.

## Seizoen ôfslute

Yn de tredde helte komme der altiten wylde mar ek goeie ideen boppe borreljen. Sa waard er efter de skermen al wurke oan in slútjûn foar SDS 5. In jûnfullend programma wie it idee, wêr't ek de froulju oan meidwaan koene.
Der waard ta wurke nei in leuke jûn yn april. De twa fermiende organisatoren pakten lykwols net goed troch. Sy waarden (ek wer yn in tredde helte) sûnder foaroerlis ûntheven fan harren funksje. Under it mom fan "it duorret ús te lang"en "wy wolle de froulju net mei ha" wurdt it foartou no nommen troch twa spitsen. Op himsels in prima idee. Sa kinne se wat weromdwaan foar al dy ballen dy't de oaren har jûn hawwe om boppe yn dat klassemint te kommen.



**Rein op de klaai en jirpeldoller yn Easterein**

It is al in skoft droech. Dat skine sommige minsken net leuk te finen. Mei namme yn de bouhoeke sitte se te springen om wetter, sadat wy aansens wer goeie bildstars keapje kinne. De fuotbaljende jirpelbouboeren út Ouwe Syl wisten net wat harren oerkaam.
Fansels se moasten nei Easte**rein** om te fuotbaljen tsjin SDS 5, mar dat hoecht noch net te betsjutten dat it dêr altiten reint. Dat barde wol. Dy lju wiene like bliid mei it reinwetter as wy mei de punten. Mei in oantal gastspilers waard troch SDS in prima wedstriid spile.
Der foelen twa doelpunten. De earste nei in prima oanfal fia Klaas Molenmaker, Sipke Hiemstra en Lieuwe Meijer waard prima ynkopt troch Willem Tjalsma.
De twadde kaam op namme fan Jelle de Boer. Hy frommele wat yn de 16 meter en waard del lein. De strafskop skeat er sels yn.
Marco Hoekstra fluite en hy die dat prima.
De ploech liket klear te wêzen tsjin de koprinner. Sneon 3 maaie tsjin Lions om 11.00 oer yn Easterein.

aant

# Wedstriidferslaggen jeugd

## Leeuwarder Zwaluwen C1- S.D.S.C1

Het is de eerste competiewedstijd na de winterstop, twee weken terug een oefenwedstrijd tegen Oosterlitens C1, bij vlagen werd er toen goed gevoetbald was het comentaar van Tsjeerd Dijkstra na afloop van wedstrijd die in een 5-2 winst eindigde in het voordeel van S.D.S.
Op de trainingen voor de eerste competitiewedstrijd werd goed getraind, zodat we vit zouden zijn voor Zwaluwen. Zaterdag 1 maart, S.D.S. komt in de volgende formatie het veld op, op goal Korne Boekholt, achterste man Bauke Dijkstra, voorstoper Andrew Feyten, linksachter Stefan van der Weg, rechts achter Douwe de Boer, op het middenveld Ralph Wariman, Redmer Strikwerda, Erwin de Boer en Jildert Hylkema, voorin Jelmer Posthumus en Bernardus van der Meer, en op wissel Coen Ramau en Malcolm Feyten.
S.D.S heeft de afstrap, in het eerste deel van de eerstehelft is Zwaluwen de betere ploeg maar weet de kansen niet te benuten, na een kwartier spelen wordt S.D.S de betere ploeg en krijgt kansen, maar ook die worden niet benut. De Tweedehelft begint S.D.S wat minder maar weet toch op voorsprong te komen door een goal van Jelmer Posthumus, tien minuten later en goed uitgespeelde goal van Bernardus van der Meer en uit een vrijetrap van af de zestienmeterlijn scoort Redmer Strikwerda een prachtig goal. Eindstand 0-3.

Wedstrijdverslag door Korne Boekholt.

## SDS C1-Wyckels Hallum C1

Zaterdag 8 maart hadden wij van C1 een voetbalwedstrijd. Om 9.15 uur begon de wedstrijd, maar om 8.30 uur moesten we aanwezig zijn. We speelde tegen Wyckels Hallum. We begonnen met een best weer pittige warmingup, die geleid werd door Redmer Strikwerda. Na het voorstellen van de aanvoerders en de scheidsrechter moesten we eerst nog wisselen van helft. De wedstrijd begon niet zo lekker voor ons, want gelijk in de eerste 5 minuten kregen we al een goal tegen. In de rust stond de thee klaar, Ralph Wariman brande zijn arm nog aan de theepot. Na de tactische speach van Tsjeerd Dijkstra moesten we de 2^e^ helft gaan spelen. We speelden wel beter als de eerste helft, maar super goed ging het nog steeds niet. De eindstand is 0-1 gebleven.
Nou daag

Wedstrijdverslag van Stefan van der Weg

## 15-03-2003 Res C2 - SDS C3 6-2

Zaterdagmorgen moesten wij, SDS C3, voetballen tegen Res C2. We kwamen aan in Bolsward en gingen de box in. Daarna gingen we inschoppen en toen begon de wedstijd. Res zat er gelijk fel op en we zakten naar achteren. Al snel was daar de 1-0 en toen de 2-0 en zo ging het door tot 4-0. Toen was het rust en met een bakje thee bespraken we hoe het ging. De tweede helft begon vol motivatie en we gingen ertegen aan.
Toen kregen we een corner die genomen werd door Ane. Ik kwam naar de eerste paal, maar daar kwam de bal niet. Hij kwam bij Sybren en die scoorde de 4-1 en daarna scoorde Sytze de 4-2. Het werd nog even spannend, maar dat was snel

voorbij tot Res de 5-2 en 6-2 scoorde. Verder hebben we wel goed gevoetbald.

Eeltje Postma

**22-03-2--3 SDS C3 - Franeker C2 3-1**

We begonnen met de wedstrijd en we waren direct al sterk aan de gang. Na een kwartier viel er een goal aan onze kant. We stonden dus met 1-0 voor. We bleven goed spelen en toen was er weer een doelpunt voor ons en stonden we met 2-0 voor. We kregen nog wat kansen maar het bleef rustig tot we weer scoorden en het was 3-0. Maar in de slotfase kwam er een doelpunt van Franeker die over mij heen werd geschoten en zo in de verre hoek. Het was een onhoudbare bal en zo was het 3-1. Daarna bleef Franeker nog aardig sterk, zodat ik nog aardig wat werk te doen had in het doel. Maar het bleef bij 3-1. Een knappe overwinning!!!

Gert Jan Rienstra

**ONS Sneek D2 – SDS D1**

De eerste wedstrijd van het seizoen. We hadden al een trainingen gehad. We moesten tegen ons Sneek. We moesten vroeg weg.Het was mooi weer we hadden er zin in.Er was publiek mee gekomen uit Oosterend. Eerst omkleden in warming-up en daarna inspelen. Het bleef eerst even 0-0 maar daarna was de opening`s treffer voor ons.daarna kwamen er nog 3 goals. We gingen de rust in met 4-0. In de rust even praten en er werd gewiseld. Daarna weer mooi voetballen. Er kwamen nog 2 goals voor ons daar na nog een voor ONS. Een speler raakte geblesseerd bij een actie hij werd van veld het getild. De keeper raakte ook een beetje geblesseerd hij heeft de wedstrijd wel uit gespeeld. Daarna ging het spel weer gewoon door. Toen kwam er een mooie actie voor SDS en er kwam nog een goal het stond 6-1. Daarna kwam er nog een goal voor ONS. Er kwam nog een goal voor SDS. En toen werd de wedstrijd afgefloten door de scheidsrechter. Een mooie 7-2 over winning voor ons. Remco Piek.

**SDS D1 – LSC 1890 D2**

De jonges leinen op stoom mei de folle winst út 4 wedstriden. Tsjin LSC 1890 moast ek de trije punten pakt wurde kinnen neffens de útslaggen fan de oare wedstriden. Mar hoe oars kaam it. We misten Jarco en Wytze troch blessueres en doe wienen der noch mar 11. Mei de goede help fan Menno Eringa en Bauke Jelsma slagget it ek net om te winnen. Noch tige tank jonges.

Foar de wedstriid wie alles goed trochpraten. Hoe moat we it gemis fan de beide middenfjildspilers opfange en hoe geane we spyljen. Alles wie dúdlik en de earste 10 minuten hienen we de druk op LSC 1890. Mar we setten net troch en der lei de earste tsjingoal al efter ús keeper. Dernei pakke we it wol wer goe dop en meitsje gelyk. Rest. De twadde helte wie poermin. Sawol yn it fjild as oan de kant. De flagjende coach of coachende flagger koe der net alhiel goed mei omgean. Al mei al mar gau ferjitte. Dat giet soms hurd, want yn de boks seinen de jonges: "Och we steane noch 2 punte foar".

Yn de earste wike fan maaie treffe we Warkum, ús grutste konkurrint. We gean der foar! O ja, it waard 1-3.

# Efkes nijs

**1 maart SDS F1 – Littens F1 6-2**

Mei it selde sterke team, nijierskampioen, no yn in, sa't liket, in drege poel.
Under oaren F1 ploegen út Harns , Snits en Boalsert.
No de earste wedstriid tsjin Littens F1.
De F2 fan Littens wiene foarich jier al ien kear te sterk foar ús,
2 – 0 ferlern út, dus it koe wol ris dreech wurde.
De earste helte wie der dan ek folslein lykwicht, 2 – 2 mei Littens ferdidigjend wat better en
mei SDS oanfallend wat gefaarliker.
De twadde helte, sa as sa faak, kamen ús jonges better út de startblokken en yn in poep en in skeet wie it
5 – 2. Op it lest noch 6 – 2. In moai begjin, want der komme noch dregere tsjinstanders.

**8 maart Harns F1 – SDS F1 3-2**

In wedstriid op in min fjild en mei in hurde wyn. De earste helte yn 'e wyn, dus de skea beperkt hâlde wie it devys. Dat slagge redelik, we rêsten mei in 2 – 0 efterstân wylst we sels ek noch wat kânskes hienen.
De twadde helte einliks 19 minuten in de oanfal west, mar de 1[e] goal foel pas nei in ketier.
Harns trapet of, mar de measten fan ús fleagen as in gek nei foaren om gelyk te meitsjen. Dat resulteare yn de ienichste counter fan Harns en in goal. 3 – 1. No weard it fjochtsjen tsjin de klok.
3 – 2 mei noch in minút te gean. It slagge net mear, krekt ferlern mar tige spannend. Thús mar wer ris sjen.

**15 maart RES F1 – SDS F1 1-0**

Nei Boalsert ta. In tsjinstander dy, as ja de útslaggen op internet segen, oan ús weage wie.
In spannende striid mei in soad kânsen oer en wer. Ús jonges miskien wol efkes better, mar de keeper fan Boalsert wie yn dizze foarm hast net te passearen, dus wy koene net skoare. Boalsert koe dat wol ien kear dus foar de twadde kear op rige krekt ferlern. 1 – 0. It is efkes wenne, want foarich jier weard hast alles wûn mei dikke sifers, mar de moraal fan de jonges bliuwt bysûnder goed.

**22 maart SDS F1 – Blauhûs F1 7-2**

Blauhûs wie de ploech wêr't wy fan winne koenen en moasten. Oars sakken we wol hiel fier ôf yn de stân.
Ek no wer yn de earste helte wat in tam begjin fan SDS. De rêststân fan 1 – 1 wie dan ek terjochte.
Ik hie Jos tasein dat ik mei him nei de kermis yn Snits soe (oars ek wol) as der 5 kear skoare soe.
Makket er, nei taktyske wiksels fan Syb F, of hy jout se wat yn de tee, efterelkoar fjouwer goals troch passes op maat fan Joris. Mei die iene goal foar rêst, wiene dat er fiif krige ik letter yn 'e gaten dus ik wie de sigaar.
Blauhús makke noch in hiel moai doelpunt mei in ôfstânpegel ûnder de latte en wy makken der noch twa.
Einstân 7-2. In moai resultaat mei in beste twadde helte fan ús. O ja, de ofstânpegel siet Richard (keeper) wat dwers. Hy kearde, grimmitich as der wie, alle penalty's fan Blauhús. Super!

**5 april WZS F1 – SDS F1 2-0**

Hjoed op besite bij de koprinner WZS út Snits.
We hoopje op in lytse stunt troch minimaal in punt mei nei hús te nimmen.
Der stiet in hurde wyn dwers op it fjild en de bal wêr't we mei spylje is oan 'e lichte kant.
We begjinne goed, der binne wat kânsen mar we kinne de goal net fine. Mar ien kear hoecht de keeper de bal te kearen. Mei in bal dy rjocht omheech giet foar ús goal, noch in kear stuitert en dêrnei yn de goal waait. Komme we 1-0 efter. Dêrnei sakje we wat yn en wurdt it út in kluts ek noch 2-0.
De twadde helte wer goed begûn, we wienen better, mar by in útsprutsen kâns wurd de bal krekt oer it doel sketten. Dênei sakket de moed eltsenien wat yn de skuon en it bliuwt terjochte by 2-0.
Yn in hiele wedstriid mar ien skot tusken de peallen, hiene we ek net in goal fertsjinne. Chris Houtsma

---

**Feite de Haan nimt in frije Traap yn de wedstriid tsjin Makkum**





**Durk Yde Sjaarda skoort syn earste doelpunt tsjin Makkum**

# Wat neist it fuotbal

*Klaas Overal; ek wer sa'n ûnmisbere skeakel yn de masjine die't SDS hjit.*
*Al jierren en jierren is dizze man op allerhande wize belutsen by ús klub.*
*It skynt dat er neist SDS, wurk en gesin ek noch tiid hat foar in oare hobby, nammentlik swimmen.*



Klaas is 2 kear wyks, in oere lang oan it swimmen. Dan docht er ûo. de skoalslach, boscrawl en de rêchslach. Simmers yn Wommels, winterdeis yn Snits. Eartiids is Klaas om syn rêch begûn mei swimmen, dat wie op therapeutyske basis fanwege de rêch. Je brûke in protte spieren en dat is sûn foar it lichem.
Mar sa serieus as no, is it net altiid gien.

Doe't Klaas op de legere skoalle siet moast der diploma-swommen wurde. Dat gie fan hurd hurd, dan koene se noch efen boartsje. Tegearre mei Jan van Asselt is er doe ris it bad útstjoerd. It diplomaswimmen wie yn in Ljouwert, der giene se yn de bus hinne. Dit wie in dreech ritsje, Klaas koe net oer busriiden.
Tsjinwurdich boartet Klaas wat minder en wurde der dus regelmjittig meardere baantsjes lutsen.
It moat al útkomme mei it wurk fansels en as SDS in berop op him docht, giet it ek wolris oer.
It aktyf dwaande wezen wurket ûntspannend en dêr is it Klaas om te dwaan. Wat dat betreft hat er ek wol in euro'tsje ekstra oer foar it swimbad yn Wommels. 'Dat mei net sluten wurde'.
As ik freegje as er ek wolris mei oare froulju opswimt krij ik in ûntkennend antwurd: ' De natoer is moai, mar der sjoch ik net nei'. Baukje; 'Dat kin ek net want fan my krijt er eltse kear eachkleppen mei!'
Dat liket my dúdlik en dêr woe ik it dan ek mar by litte.

(SVB)



(op de foto ûntfangt "lytse Klaas"syn diploma fan juffer Sippie Bootsma)

# Sibe de Seefûgel (45)



**Neiseure**

Elk tillefysje programma en elke klup hat syn eigen analitikus (yn it Frysk: in neiseurkont). Wat is in neiseurkont: Dat is immen dy't myn jûn bedjert. Haw ik in leuke wedstriid sjoen, sit dêr sa'n gelearde prater yn de studio te fertellen dat it neat wie. Dat it fjild te breed holden waard, dat er te min djipte yn it spul siet, dat it systeem neat wie, dat de spilers net foar elkoar wurkje woene en dat er te min kreativiteit yn de ploech siet. Of dy selde neiseurkont lit ús witte dat de wedstriid prachtich wie, taktysk prima yn elkoar stuts, der technyske heechstandsjes wiene, en dat wylst ik fan ellinde de eagen net iepen hâlde koe.
Sokke neiseurkonten wurde der ek noch djoer foar betelle. Wa't net djoer betelle wurde binne de fjildfeinten.
Hurdwurkjende frijwilligers dy't alle war dogge om der in fjild del te lizzen, sadat dy neiseurkont nei de tiid net sizze kin dat de bal net goed rolle, dat de linen net dúdlik wiene en dat soks fan ynfloed west hat op de útslach.
No lies ik yn de krante dat er in fjildfeint by in klup is dy't ek wol analitikus wurde kin. Hy bewearde dat hy nei de wedstriid sjen koe hokker systeem it alvetal spile hie. Ik kin jim fuort wol sizze dat is net ien fan de fjildfeinten fan SDS. Ik tink dat Andries, Hans, Harm en Sjouke oan de ein fan de dei wol sizze kinne dat er fuotballe is en net keatst is ( en seker at it flink wiet is, moat dat te sjen wêze) mar fierder haw ik harren fuotbalynsjoch net sa heech. Dat hoecht ek net. Sy hingje it net net oan de ferkearde kant fan it doel, sy sette de kornerflagge net op de hoeken fan de kantine en se brûke gjin keatslinen om it strafskopgebiet oan te jaan.
En dochs hat er wol immen wat analitysk ynsjoch binne dizze klup. Jim sil der fan skrikke mar dat bin ik : Sibe de Seefûgel. Ik haw dêr wol in eigen lear foar ûntwikkele: de IJYM. De itersynsjoch methoade. Ik kin op basis fan in wedstriid sjen wat immen iten hat.
It grutte foarbyld is fansels dat myn stelling is dat de measte fuotballers fan legere alvetallen, mar ek fuotballers fan 1$^{ste}$ alvetallen yn bygelyks in 6$^{de}$ klasse sneons faak boerekoal ite. Neiere útlis is net nedich.
Dat spagnetti foar in wedstriid goed is, is ek mar in grap. De Italianen kinne dan wol pronkje mei in goeie kompetysje en in heech nivo, dat wol net sizze dat elkenien hjir no mar spagnetti ite moat. Yngewikkelde aksjes wêrby de fuotten betiden yn de tizen reitsje mei de bal binne it gefolch.
In oantal jonges komme goed foarút op sneon, se fleane oeral efteroan en sille grif gemberkoeke ite by de kofje.
En fansels dêr binne der de snert-iters. Op sneons by in protte minsken in tradysje en dat is ek wol te sjen. Op sommige mominten sjogge je twa spilers om de bal fjochtsjen en dan ynienen is der ien fan de twa dy mei sân hasten út de buert fan de oare giet, happend nei frisse lucht.
Slop gedoch wiist op in gefulde koek, in schwalbe op dútske braadwoarst en sunich fuotbalje op bôle fan de Aldi.
Probleem is dat ik dat aanst net mear sjen kin, want it kin ek Jumbo iters wêze.
Want sa't Jumbo 7 sekerheden hat, bin ik der seker fan dat ik in grutte takomst temjitte gean as neiseurder .

# Kompetysjestannen 2002-2003 fjild (24-4-2003)

## SDS 1 - 3e Klasse A

| | | | | |
|---|---|---|---|---|
| 1 Mulier 1 | 19 | 38 | 36 - | 18 |
| **2 SDS 1** | **19** | **35** | **41 -** | **25** |
| 3 CVVO 1 | 19 | 33 | 28 - | 20 |
| 4 SVM 1 | 19 | 32 | 41 - | 31 |
| 5 Balk 1 | 19 | 30 | 43 - | 27 |
| 6 Oeverzwaluwen 1 | 19 | 28 | 26 - | 20 |
| 7 Joure SC 1 | 19 | 24 | 26 - | 30 |
| 8 Heeg 1 | 19 | 23 | 28 - | 34 |
| 9 Tonego 1 | 19 | 23 | 17 - | 27 |
| 10 Makkum 1 | 19 | 21 | 26 - | 35 |
| 11 Workum 1 | 19 | 19 | 20 - | 31 |
| 12 Nagele 1 | 19 | 10 | 22 - | 56 |

## SDS 2 - 2e Klasse C

| | | | | |
|---|---|---|---|---|
| 1 CVVO 2 | 19 | 39 | 46 - | 25 |
| 2 **Zeerobben 2** | 19 | 36 | 41 - | 24 |
| 3 CSL 2 | 19 | 33 | 38 - | 26 |
| 4 BCV 3 | 19 | 31 | 40 - | 32 |
| 5 Balk 2 | 19 | 31 | 33 - | 26 |
| 6 Bolswardia 2 | 19 | 27 | 42 - | 28 |
| **7 SDS 2** | **19** | **27** | **29 -** | **28** |
| 8 Workum 2 | 19 | 23 | 34 - | 40 |
| 9 Flevo Boys 3 | 19 | 22 | 37 - | 43 |
| 10 Oeverzwaluwen 2 | 19 | 17 | 25 - | 50 |
| 11 Heerenveense Boys 3 | 19 | 14 | 26 - | 49 |
| 12 Lycurgus 5 | 19 | 13 | 31 - | 51 |

## SDS 3 - 4e Klasse F

| | | | | |
|---|---|---|---|---|
| 1 Berlikum SC 2 | 13 | 25 | 44 - | 27 |
| 2 Foarut 2 | 12 | 24 | 34 - | 22 |
| 3 Mulier 2 | 13 | 24 | 26 - | 13 |
| 4 Blauw Wit '34 4 | 10 | 22 | 47 - | 16 |
| **5 SDS 3** | **14** | **18** | **34 -** | **38** |
| 6 Franeker SC 3 | 14 | 18 | 28 - | 47 |
| 7 Makkum 3 | 13 | 15 | 28 - | 42 |
| 8 AVC 3 | 12 | 11 | 23 - | 35 |
| 9 Lw Zwaluwen 7 | 13 | 6 | 18 - | 42 |
| 10 | | | | |
| 11 | | | | |
| 12 | | | | |

## SDS 4 - 6e Klasse R

| | | | | |
|---|---|---|---|---|
| 1 CSL 4 | 18 | 44 | 63 - | 13 |
| 2 Stormvogels'64 1 | 18 | 43 | 68 - | 20 |
| 3 Bolswardia 5 | 18 | 43 | 57 - | 29 |
| 4 Minnertsga 3 | 18 | 30 | 59 - | 43 |
| 5 Tzummarum 2 | 16 | 28 | 37 - | 25 |
| 6 Zeerobben 4 | 18 | 26 | 62 - | 53 |
| **7 SDS 4** | **19** | **26** | **46 -** | **45** |
| 8 Berlikum SC 4 | 17 | 21 | 21 - | 29 |
| 9 Franeker SC 5 | 18 | 21 | 38 - | 48 |
| 10 Foarut 3 | 18 | 15 | 45 - | 56 |
| 11 Tzum 2 | 17 | 10 | 31 - | 66 |
| 12 Mulier 3 | 19 | 4 | 15 - | 115 |

## SDS 5 - 6e Klasse S

| | | | | |
|---|---|---|---|---|
| 1 Beetgum 2 | 17 | 43 | 105 - | 27 |
| 2 Lions'66 3 | 17 | 43 | 105 - | 40 |
| 3 Franeker SC 6 | 18 | 37 | 65 - | 33 |
| 4 Ouwe Syl 3 | 18 | 33 | 65 - | 43 |
| **5 SDS 5** | **18** | **31** | **67 -** | **48** |
| 6 Rijperkerk 3 | 18 | 30 | 53 - | 60 |
| 7 CSL 5 | 17 | 27 | 51 - | 40 |
| 8 Lw Zwaluwen 12 | 18 | 23 | 52 - | 66 |
| 9 WWS 3 | 17 | 17 | 44 - | 65 |
| 10 SSS'68 3 | 18 | 16 | 50 - | 72 |
| 11 Rood Geel 4 | 17 | 6 | 24 - | 85 |
| 12 CVO 2 | 19 | 0 | 24 - | 126 |

## SDS A1 - Hoofdklasse B

| | | | | |
|---|---|---|---|---|
| 1 Harlingen A1 | 17 | 36 | 57 - | 15 |
| 2 Urk A1 | 17 | 34 | 37 - | 23 |
| 3 Frisia A1 | 17 | 33 | 52 - | 37 |
| 4 Wolvega FC A1 | 16 | 30 | 39 - | 14 |
| **5 SDS A1** | **18** | **30** | **42 -** | **33** |
| 6 Olde Veste'54 d' A1 | 17 | 29 | 42 - | 24 |
| 7 Rood Geel A1 | 18 | 21 | 28 - | 40 |
| 8 LSC 1890 A1 | 16 | 20 | 37 - | 46 |
| 9 Zeerobben A1 | 17 | 19 | 35 - | 36 |
| 10 Joure SC A1 | 18 | 12 | 23 - | 64 |
| 11 CSL A1 | 17 | 1 | 17 - | 77 |
| 12 | | | | |

## SDS B1 - 1e Klasse G

| | | | | |
|---|---|---|---|---|
| 1 ONS Sneek B1 | 19 | 57 | 129 - | 18 |
| 2 Annaparochie St. B1 | 19 | 42 | 60 - | 34 |
| 3 Dronrijp B1 | 19 | 35 | 58 - | 32 |
| 4 Balk B1 | 19 | 32 | 82 - | 58 |
| 5 Oudega B1 | 19 | 28 | 72 - | 63 |
| **6 SDS B1** | **19** | **27** | **43 -** | **37** |
| 7 Mulier B1 | 19 | 26 | 38 - | 68 |
| 8 Tzummarum B1 | 19 | 24 | 42 - | 67 |
| 9 Bolswardia B1 | 19 | 22 | 42 - | 56 |
| 10 AVC B1 | 19 | 19 | 30 - | 53 |
| 11 Workum B1 | 19 | 11 | 20 - | 60 |
| 12 Scharnegoutum'70 B1 | 19 | 8 | 18 - | 88 |

## SDS C1 - 1e Klasse I

| | | | | |
|---|---|---|---|---|
| 1 JVC Nylan 2000 C1 | 17 | 46 | 60 - | 20 |
| 2 CSL C1 | 18 | 37 | 43 - | 25 |
| **3 SDS C1** | **17** | **34** | **52 -** | **20** |
| 4 Lw Zwaluwen C1 | 18 | 31 | 72 - | 38 |
| 5 Foarut C1 | 17 | 29 | 41 - | 32 |
| 6 Leeuwarden C2 | 17 | 28 | 40 - | 33 |
| 7 Wykels Hallum C1 | 16 | 24 | 46 - | 34 |
| 8 FVC C1 | 17 | 22 | 61 - | 60 |
| 9 Harlingen C1 | 18 | 12 | 44 - | 60 |
| 10 Zeerobben C1 | 16 | 9 | 36 - | 36 |
| 11 Blauw Wit '34 C2 | 17 | 0 | 11 - | 148 |
| 12 | | | | |

## SDS C2 - 2e Klasse CG

| | | | | |
|---|---|---|---|---|
| **1 SDS C2** | **7** | **21** | **52 -** | **3** |
| 2 Frisia C3 | 7 | 13 | 39 - | 20 |
| 3 Robur C2 | 7 | 13 | 27 - | 13 |
| 4 CSL C2 | 7 | 9 | 17 - | 36 |
| 5 Leeuwarden C3 | 7 | 6 | 13 - | 27 |
| 6 Frisia C4 | 7 | 0 | 8 - | 57 |

## SDS C3 - 2e Klasse CC

| | | | | |
|---|---|---|---|---|
| 1 RES C2 | 6 | 18 | 29 - | 9 |
| 2 Rood Geel C2 | 6 | 9 | 26 - | 11 |
| 3 Franeker SC C2 | 5 | 7 | 6 - | 11 |
| 4 Makkum C2 | 6 | 4 | 14 - | 14 |
| **5 SDS C3** | **5** | **3** | **5 -** | **35** |
| 6 | | | | |

## SDS D1 - 2e Klasse AG

| | | | | |
|---|---|---|---|---|
| **1 SDS D1** | **7** | **18** | **27 -** | **5** |
| 2 Workum D1 | 7 | 16 | 30 - | 10 |
| 3 LSC 1890 D2 | 7 | 13 | 13 - | 10 |
| 4 Oosterlittens D1 | 7 | 6 | 9 - | 22 |
| 5 Joure SC D4 | 7 | 5 | 6 - | 23 |
| 6 ONS Sneek D2 | 7 | 2 | 10 - | 25 |

## SDS D2 - 3e Klasse AD

| | | | | |
|---|---|---|---|---|
| 1 Arum D1 | 7 | 21 | 35 - | 13 |
| 2 Beetgum D1 | 7 | 18 | 35 - | 3 |
| 3 Rood Geel D3 | 7 | 12 | 23 - | 15 |
| **4 SDS D2** | **7** | **6** | **13 -** | **23** |
| 5 Blauw Wit '34 D2 | 7 | 6 | 14 - | 30 |
| 6 Lw Zwaluwen D2 | 7 | 0 | 5 - | 41 |

## SDS D3 - 3e Klasse AS

| | | | | |
|---|---|---|---|---|
| **1 SDS D3** | **6** | **13** | **18 -** | **14** |
| 2 Woudsend D1 | 6 | 10 | 19 - | 12 |
| 3 QVC D2 | 6 | 10 | 14 - | 12 |
| 4 Nijland D2 | 5 | 7 | 10 - | 12 |
| 5 Blauwhuis D1 | 5 | 0 | 6 - | 17 |
| 6 | | | | |

## SDS E1 - 1e Klasse AW

| | | | | |
|---|---|---|---|---|
| 1 Oeverzwaluwen E1 | 6 | 15 | 22 - | 13 |
| **2 SDS E1** | **7** | **12** | **16 -** | **20** |
| 3 WZS E1 | 6 | 10 | 19 - | 11 |
| 4 Bolswardia E1 | 7 | 10 | 19 - | 16 |
| 5 Nieuweschoot E1 | 7 | 7 | 11 - | 18 |
| 6 GAVC E1 | 7 | 4 | 18 - | 27 |

## SDS E2 - 3e Klasse DQ

| | | | | |
|---|---|---|---|---|
| 1 RES E2 | 7 | 15 | 19 - | 12 |
| 2 Balk E3 | 7 | 13 | 35 - | 15 |
| 3 Oeverzwaluwen E3 | 7 | 13 | 23 - | 13 |
| **4 SDS E2** | **7** | **13** | **17 -** | **10** |
| 5 Joure SC E6 | 7 | 7 | 9 - | 26 |
| 6 Workum E3 | 7 | 0 | 6 - | 33 |

## SDS E3 - 3e Klasse DP

| | | | | |
|---|---|---|---|---|
| 1 Irnsum E2 | 7 | 17 | 30 - | 14 |
| 2 Joure SC E5 | 7 | 11 | 20 - | 11 |
| 3 Sneek E4 | 7 | 10 | 21 - | 25 |
| 4 ONS Sneek E4 | 7 | 9 | 29 - | 32 |
| **5 SDS E3** | **7** | **6** | **15 -** | **22** |
| 6 Nijland E2 | 7 | 6 | 18 - | 29 |

## DS F1 - 3e Klasse BT

| | | | | |
|---|---|---|---|---|
| 1 WZS F1 | 7 | 19 | 32 - | 8 |
| 2 Harlingen F1 | 7 | 18 | 18 - | 7 |
| **3 SDS F1** | **7** | **9** | **20 -** | **14** |
| 4 RES F1 | 7 | 7 | 9 - | 15 |
| 5 Oosterlittens F1 | 7 | 5 | 13 - | 25 |
| 6 Blauwhuis F1 | 7 | 3 | 10 - | 33 |

## SDS F2 - 3e Klasse BV

| | | | | |
|---|---|---|---|---|
| 1 Zeerobben F3 | 7 | 21 | 51 - | 3 |
| 2 Frisia F3 | 7 | 13 | 22 - | 17 |
| **3 SDS F2** | **7** | **13** | **19 -** | **22** |
| 4 Franeker SC F4 | 7 | 10 | 17 - | 22 |
| 5 Rood Geel F4 | 7 | 4 | 10 - | 32 |
| 6 | | | | |

## SDS F3 - 4e Klasse AQ

| | | | | |
|---|---|---|---|---|
| 1 Frisia F9 | 7 | 16 | 15 - | 7 |
| 2 Oosterlittens F3 | 7 | 13 | 23 - | 12 |
| **3 SDS F3** | **7** | **12** | **19 -** | **11** |
| 4 Harlingen F2 | 7 | 8 | 7 - | 12 |
| 5 Lw Zwaluwen F4 | 7 | 7 | 11 - | 13 |
| 6 Franeker SC F6 | 7 | 4 | 11 - | 31 |

## SDS F4 - 4e Klasse EI

| | | | | |
|---|---|---|---|---|
| 1 HJSC F2 | 7 | 18 | 44 - | 11 |
| 2 IJVC F4 | 7 | 15 | 20 - | 20 |
| 3 Bolswardia F4 | 7 | 12 | 31 - | 24 |
| 4 Oosterlittens F4 | 7 | 9 | 24 - | 25 |
| **5 SDS F4** | **7** | **6** | **24 -** | **43** |
| 6 Makkum F3 | 7 | 3 | 20 - | 40 |

# Kompetysjestannen 2002-2003 seal (24-4-2003)

## SDS 1 - 2e Klasse B

| | | | | |
|---|---|---|---|---|
| 1 Lemsterland 2 | 19 | 48 | 140 - | 58 |
| 2 RES 1 | 20 | 46 | 127 - | 67 |
| 3 **SDS 1** | **20** | **44** | **112 -** | **59** |
| 4 ZVVS 2 | 20 | 35 | 107 - | 88 |
| 5 Heerenveen 3 | 20 | 28 | 76 - | 76 |
| 6 Genemuiden SC 1 | 20 | 26 | 103 - | 114 |
| 7 Espel 1 | 20 | 21 | 86 - | 123 |
| 8 Flevo Boys 1 | 19 | 19 | 94 - | 102 |
| 9 Workum 2 | 19 | 18 | 74 - | 120 |
| 10 WZS 1 | 20 | 11 | 68 - | 121 |
| 11 ONS Sneek 1 | 19 | 9 | 61 - | 120 |
| 12 | | | | |

## SDS 2 - 4e Klasse AD

| | | | | |
|---|---|---|---|---|
| 1 WZS 8 | 22 | 60 | 158 - | 66 |
| 2 Workum 7 | 20 | 47 | 195 - | 95 |
| 3 Workum 8 | 22 | 46 | 170 - | 100 |
| 4 Blauw Wit '34 4 | 18 | 43 | 147 - | 76 |
| 5 WZS 5 | 21 | 36 | 129 - | 119 |
| 6 NTW 2 | 21 | 31 | 108 - | 115 |
| 7 **Nij Engwier 3** | **21** | **26** | **99 -** | **96** |
| 8 SDS 2 | 22 | 26 | 99 - | 118 |
| 9 Haskerland 7 | 21 | 21 | 122 - | 170 |
| 10 WZS 6 | 21 | 14 | 119 - | 192 |
| 11 RES 5 | 21 | 10 | 82 - | 171 |
| 12 RES 6 | 20 | 1 | 56 - | 166 |

# Doelpunten SDS

We gean nei it ein fan it seizoen ta. Mei 20 ploegen en noch trije/fjouwer wedstriden te gean moat it dochs slagje om mear as foarich jier te skoaren. As we útgean fan 20 teams en trije wedstriden dan moat elts team san trije kear skoare. We sjogge it wol oan it ein fan de kompetysje, dy't dit jier oan te mei ein maaie duorret. De lêste wedstriiddei is op 24 maaie 2003. Boppe oan de list wurd it spannend. F1 skoart net sa folle mear en E2, F3 en C2 komme der oan. It wurd tige spannend. Sukses allegearre.

***Mei-inoar spylje = mei-inoar skoare!***

| Doelpunten per team-seizoen 2002-2003 | | | | | | 25 april 2003 | |
|---|---|---|---|---|---|---|---|
| Team | Neijier | Foarjier | Totaal | Team | Neijier | Foarjier | Totaal |
| **SDS F1** | **96** | **20** | **116** | **SDS E1** | 33 | 16 | 49 |
| **SDS E2** | 78 | 17 | 95 | **SDS 4** | 30 | 16 | 46 |
| **SDS F3** | 64 | 19 | 83 | **SDS B1** | 28 | 15 | 43 |
| **SDS C2** | 30 | 52 | 82 | **SDS A1** | 23 | 19 | 42 |
| **SDS 5** | 49 | 18 | 67 | **SDS 1** | 25 | 16 | 41 |
| **SDS D2** | 49 | 13 | 62 | **SDS 3** | 11 | 23 | 34 |
| **SDS E3** | 38 | 15 | 53 | **SDS 2** | 15 | 14 | 29 |
| **SDS C1** | 41 | 11 | 52 | **SDS F4** | | 24 | 24 |
| **SDS F2** | 32 | 19 | 51 | **SDS C3** | 16 | 5 | 21 |
| **SDS D1** | 24 | 27 | 51 | **SDS D3** | 2 | 18 | 20 |
| Seizoen | Neijier | Foarjier | Totaal | Team | Neijier | Foarjier | Totaal |
| 1998-1999 | 472 | 772 | 1244 | **SDS F3** | 62 | 61 | 123 |
| 1999-2000 | 485 | 508 | 993 | **SDS F2** | 65 | 41 | 106 |
| 2000-2001 | 534 | 674 | 1208 | **SDS F1** | 36 | 75 | 111 |
| 2001-2002 | 675 | 549 | 1224 | **SDS F2** | 114 | 46 | 160 |
| 2002-2003 | 684 | 377 | 1061 | **SDS F1** | 96 | 20 | 116 |
| verschil | 9 | -172 | -163 | | -18 | -26 | -44 |

Doelpuntenmakkers
Op de folgende side stiet it klasseming mei doelpuntenmakkers.. It is dringen oan de top. De âlde hap stride om it earste plakje. Se dogge der fan alles oan. Nim no Eddy: hy fitnesst. Nim no Ype: hy docht de Welkoop op fuotbaltiden gewoan ticht. Nim no Bertus: hy fuotballet soms 4 kear yn de wike yn 3 ferskillende alvetallen. Nim no Gerard Posthumus : hy lit sjen dat er ien fan âld spits Appie (en Akke) is. Nim no Harm hy skoort foaral út strafskoppen, nim no Willem: hy troud, wurdt heit en skoort al 7 kear, nim no Harm Auke: tusken de blessure troch skoort hy.
Of sjoch nei al dy a's dy't by senioren ek skore.
Noch in pear wedstriden en it sil dúdlik wêze, wa't de kluptopskoorder is.

# Doelpunten makkers senioren SDS seizoen 2002/2003

| | namme | SDS | oantal |
|---|---|---|---|
| **1** | **Ype Tiemersma** | **IV en V** | **15** |
| **2** | **Eddy de Boer** | **V** | **14** |
| **3** | **Bertus Bootsma** | **IV en V** | **13** |
| **4** | **Robert Sijbesma** | **I en II** | **11** |
| **5** | **Hendrik de Jong** | **I** | **8** |
| **6** | **Harm Stremler** | **I** | **7** |
| **7** | **Henk Postma** | **I en II** | **7** |
| **8** | **Willem Wijnia** | **II** | **7** |
| **9** | **Harm Auke Dijkstra** | **II en III en V** | **7** |
| **10** | **Roel Sybesma** | **V** | **7** |
| 11 | Jan Stenekes | III en IV | 6 |
| 12 | Gerard Posthumus | III en IV en V | 6 |
| 13 | Bas van der Weij | IV | 6 |
| 14 | Henk van Houten | IV | 6 |
| 15 | Martin Overal | IV | 6 |
| 16 | Pieter Kamstra | II | 5 |
| 17 | Friso Albada | III | 5 |
| 18 | Dennis Dijkstra | I en II | 4 |
| 19 | Donny Okkema | II en III | 4 |
| 20 | Peter Kusters | III | 4 |
| 21 | Tjeerd Dijkstra | III | 4 |
| 22 | Siemen Kingma | V | 4 |
| 23 | Willem Tjalsma | V | 4 |
| 24 | Durk Yde Sjaarda | I | 3 |
| 25 | Jappie Wijnia | I en II | 3 |
| 26 | Ronnie Wagenaar | II en III | 3 |
| 27 | Jan Keuning | IV en V | 3 |
| 28 | Folkert R. Vellinga | V | 3 |
| 29 | Jacob Plantinga | V | 3 |
| 30 | Jelle de Boer | V | 3 |
| 31 | Floris Hiemstra | I | 2 |
| 32 | Wichard Deinum | I | 2 |
| 33 | Tjipke Klaas Okkema | I | 2 |
| 34 | Klaas Visser | II | 2 |
| 35 | Donny Okkema | III | 2 |

| | namme | SDS | oantal |
|---|---|---|---|
| 36 | Jentsje Jorritsma | III | 2 |
| 37 | Lieuwe Meijer | III | 2 |
| 38 | Frans P. Terpstra | III en V | 2 |
| 39 | Ids Boersma | III en V | 2 |
| 40 | Hindrik Eringa | IV | 2 |
| 41 | Klaas Malda | IV | 2 |
| 42 | Pieter Groenveld | IV | 2 |
| 43 | Aant Hofstra | V | 2 |
| 44 | Sipke Hiemstra | V | 2 |
| 45 | Feite de Haan | I | 1 |
| 46 | Tsjeard Halbersma | I | 1 |
| 47 | Auke Hiemstra | II | 1 |
| 48 | Frank Rijpma | II | 1 |
| 49 | Gerrit Hengst | II | 1 |
| 50 | Jeroen Brouwer | II | 1 |
| 51 | Peter Sijbesma | II | 1 |
| 52 | Anco Elgersma | III | 1 |
| 53 | Ids Boersma | III | 1 |
| 54 | Jacob K. Haitsma | III | 1 |
| 55 | Marco Hoekstra | III | 1 |
| 56 | Watse Postma | III | 1 |
| 57 | Wouter Hylkema | III | 1 |
| 58 | Ydo Harkema | III | 1 |
| 59 | Evert Tanja | IV | 1 |
| 60 | Ivo Donath | IV | 1 |
| 61 | Rene Velzen | IV | 1 |
| 62 | Richard Posthuma | IV | 1 |
| 63 | Wilco Overal | IV | 1 |
| 64 | Rienk Wiersma | V | 1 |
| 65 | Ype Burggraaff | V | 1 |

# Trefferkes

## Ferjitten

It oerkomt je wolris dat je nei it



fuotbaljen, nei in pear slokjes hân te hawwen ,de fyts stean litte by de kantine. Dit is tige ferstannich fansels, want je mei eins nei twa gleskes al net mear oan it ferkear dielnimme. Ek kin it fansels sa wêze dat je safolle hân hawwe dat je net mear witte dat je op 'e fyts wiene. Hjir komme je dan faak sneintemoarns pas wer achter. At je de fyts dan ophelje moat je fansels ek nochris goed neitinke wêr at je de fyts ek alwer parkeard hienen??



## Assistint-lieder??

Út by SVM yn Marknesse hearden wy in nijtsje.

Harm Auke Dijkstra waard omroppen as assistint lieder fan SDS 1.

Nei de wedstriid waard dúdlik hoe dit sa koe. Harm Auke wie foar de wedstriid nei de omropster ta gien om te sizzen dat it programmaboekje net hielendal by de tiid wie.

Harm Auke Dijkstra moast der noch efkes by as assistint lieder. Dat foutsje wie net sa slim at sy it dan wol efkes omroppe woe. Dat wie fansels gjin probleem.

Trainer Kees Jansen waard sa mei-iens op 'e hichte brocht fan syn nije kompanjon.

## 1 april???

De "gebroeders" Wagenaar wienen benaud dat sy 1 april foar de gek holden wurde soenen.

Anne Brouwer hie harren skille dat sy beide mei it 1e alvetal mei moasten foar de oefenwedstriid tsjin WWS.

De wedstriid waard spile op tiisdeitejûn 1 april (!!) yn Wurdum. De Wagenaars fertrouden dit net hielendal, mar gienen dochs tiisdeitejûns mei de tassen nei Easterein. Doe sy dêr oankamen seagen sy de bui al hingjen.

De spilers fan SDS 1 stienen allegear by de A-junioaren te sjen en makken noch gjin oanstalten om nei Wurdum te riden. Foar de Wagenaars wie it dúdlik. It gie fansels om in 1-aprilgrap en sy hoechden net te boljen.

Sy gienen sûnder út de auto te kommen wer op nei hûs. It 1e moast ferfolgens sûnder wiksels op nei Wurdum.................

## Klemfêst??

It docht bliken dat je it keepen gau ferleare at je it in skoftke net mear dogge. Sjoch Jan Stenekes.

Hy begie it seizoen as keeper, mar is no al tiden fêste spits yn it 2e of 3e.

Om dochs efkes te sjen at der noch wat keepe koe soe der yn it kafee Tsjipke Okkema mei in sweefdûk klemfêst pakke.
Hy miste him jammer genôch en hat dêrnei 2 wiken op bêd lizze moaten mei in harsenskodding.
Foar Jan is it miskien net sa gek om dochs it keeperstrainen mar wer op te pakken om sokke ûngemakjes yn 'e takomst foar te kommen.

## De nije "Kournikova"

Eltsenien tocht dat Harm Auke Dykstra blesseare wie. It bleaun nuver dat der ek net mear op 'e bank by it 1e siet as assistint lieder.
Ús húsfotograaf hat him dochs op in sneon spotte kinnen net fier fan it fuotbalfjild ôf.



"Hampie Kournikova".

## De neisit en de foto

Op sneon 19 april waard Easterein besocht troch in jounalist fan de Ljouwerter Krante. De wedstriid SDS-Mulier wie ommers in topper.
It ferslach op moandei befestige in oantal saken oer de wedstriid mar ek oer SDS.
Want de slot sin wie: *SDS blijft daarom hopen en , niet onbelangrijk, wat na de dreun ook bleef was in Easterein de gezellige nazit.*
It resultaat fan dy noflike neisit wie de moandeis ek te sjen yn de krante: want de foto fan Durk Yde Sjaarda kaam ús mear foar as in foto fan Hendrik de Jong.

## Gebaar

SDS 4 wie dizze winter in kear foar neat nei Achlum riden om te fuotbaljen tsjin Stormvogels.
Doe't men yn Achlum oankaam, wie it dêr "stil en ledich"op it sportpark.
Der wie wat misgien mei it ôfskiljen en sa gie SDS 4 werom nei Easterein sûnder te brûzen en sûnder punten.
Op sneon 29 maart stie de wedstriid wol op it programma. En de SDS-ers krigen in tige aardige ûntfangst, as kompensaasje foar de fergese reis fan earder.
Der stie in krat bier klear yn de klaaiboks. Blider kinne je de SDS4 lju net krije.
Mei in bierke efter de knoopsgatten en dochs ek sûnder punten gie men de ein fan de middei nei hûs.
In prima gebaar fan de Achlummers.

# De kaai

Teun Boonstra is lieder/flagger fan SDS 5. As de ploech oan it waarm draven giet, set Teun ôf nei de kantine om de beurzen yn de klús te dwaan. De kaai jout hy dan meast ôf oan immen fan de bartsjinst. Dizze kear tocht Teun: ik lis him op de râne boppe it oanrjocht del. In wie in smelle râne mar mei in brede romte efter de tegels. Dat wist Teun lykwols net. De kaai foel efter de tegels yn de keuken en wie der net wer wei te krijen. It wie mar goed dat Willem der wie om te flagjen, want Teun hawwe wy de earste helte net wer sjoen.

# Terreinfeinten

Sneon 12 april kaam terreinfeint Sjouke wat let by it sportfjild. Wierskynlik hie hy útslept. Hy rint nei terreinfeint Andries ta, dy't wol op tiid wie.
"Se steane harren yn it strewelleguod om te klaaien. It is in chaos. Der wie te min plak yn de klaaiboksen", sa bearde Sjouke.
"Dat sis ik altiten al", seit Andries. "Der is te min romte, alle wiken it selde geseur."
"Ja, Andries, seit Sjouke, "ik fyn dat it oars wol meifalt, do moast net sa oerdriuwe. Do moast tenei alle klaaiboksen iepen dwaan en net twa ferjitte".

# Flagje

De measte fuotballeafhawwers fine der net folle oan om te flagjen. Sa binne der fansels ek âlders dy't soks noch nea dien hawwe, of noch slimmer, dy't net iens wisten dat er in flagger by is en fan bûtenspul noch hielendal nea heard hawwe. Sokke âlders, dêr't fierders neat mis mei is, krije op in bepaald momint in flagge yn de hân treaun en mei de wurden "it komt net sa krekt en it falt wol ta" steane se samar ynienen diel te nimmen oan it spul.
Skiedsrjochter Stoffel Bouma, murk ek al gau op dat hy yn de wedstriid SDS D2 – Arum D1 bystien waard troch twa grinsrjochters dy't net folle erfaring hiene.
Hy woe dat net gelyk merke litte sadat hy se moai gewurde liet. Sa stiene se te flagjen oan de ferkearde kant
Se kamen der wol efter. Wierskynlik opmerksum makke troch in taskôger. Hast sûnder dat Stoffel der wat fan murk, wikselen se dochs noch mar en stiene oan de ein fan de wedstriid dochs noch op it goeie plak.

www.vv-sds.nl

Mear as 5000 besikers yn in healjier tiid. Dat is in prima saak. De earste adfertearder is ynkoarten ek te sjen op de side.
Wy kinne sjen dat er alle dagen gemiddeld sa'n 40 minsken op de side sjogge.
Der stiet hast ek alle dagen wol nijs op. Wudrt er jûns in wedstriid spile, dan besykje wy deselde jûns it berjocht noch op de side te setten.
Fansels wy moatte it wol trochkrije, mar wy rekkenje der op dat lieders dêr wat mear oan tinke wolle.
Takem jier wolle wy ek yn oerlis mei de technyske stêf de opstelling fan it earste jaan te kinnen op de freed foar de wedstriid.
Derom riede wy jim oan om ús side as startside yn te stellen. Dan witte jim all dagen it lêste nijs.

# Agenda

| Wannear | Wat | Hoe let en wêr |
|---|---|---|
| 3 maaie | SDS 1- Tonego 1 | 14.30 oere<br>Skoalleseize Easterein |
| 10 maaie | Heeg 1 – SDS 1 | 14.30 oere<br>Sportfjild Heech |
| 10 maaie | Kampioensfeest SDS 1 ?? | Kantine skoalleseize |
| 23 maaie | F1/F2 - memmen | 18.00 oere<br>Skoalleseize |
| 23 maaie | Underlinge wedstriid<br>lieders | 19.45<br>Skoalleseize |
| 26 maaie | Kopydatum Treffer | Redaksje |

Voetbalvereniging
**S.D.S.**
Oosterend

anno 10 augustus 1947